

BESTJOEREN EN MEIWURK(ST)ERS

SELSKIP "FRYSLÂN" TE UTERT

Foarsitter	Pietie Westdijk-Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten til. 030 - 2318 224 (pcwestdijk@planet.nl)
Skriuwer en Redaksje Kritekoer	Jan Piet Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen til. 0347-320093 (j.p.bergmans@casema.nl)
Ponghâlder en lede-administraasje	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til. 030 - 6881921 (yme@fopma.eu); Postbankrek.19 40 27 o.n.f. Ponghâlder Krite Selskip Fryslân
Bestjoerslid en Boekeferkeap	Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht til. 030 - 2010118 (jhw.roelants@orange.nl)
Bestjoerslid	Hendrik Visbeek, Augustinushof 1, 4133 AD Vianen til. 0347-372607 (h.t.visbeek@casema.nl)
Bestjoerslid	Richtsje de Jong, Paardenbloemweide 37, 3448 TL Woerden, til. 0348- 460 590 (rtolsma@xs4all.nl)
Aldereinsaken	Frou Wielinga, Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht, til. 030-261 7816

SELSKIP "MEI INOAR" TE SEIST

Foarsitter	Boukje Andringa-Brattinga, Steenen Camer 76, 3721 ND Bilthoven, til. 030-22 03528 (theo.andringa@hetnet.nl)
Skriuwer Ponghâlder Finansjeel administrateur	Fakant. Tydlik postadres: Ida Knobbe - sjoch hjirûnder Fakant (Yn namme: Klaske van Hoeij) Theo Andringa, Steenen Camer 76, 3721 ND Bilthoven, til. 030-22 03528 (theo.andringa@hetnet.nl)
Bestjoerslid	Postr. 34 86 499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR Klaske van Hoeij-de Boer, Kievitstr. 11, 3443 BD Woerden, til. 0348-410039 (vanhoeij@khoeij.demon.nl)
Bestjoerslid	Trieneke Vos, Huydecoperweg 9-k, 3701 BP Zeist, til. 030-6916081 (tvos@prettel.nl); of: 0511-797973
Bestjoerslid Boekeferkeap	Fakant. Nora Koren, Purpervlinder 16, 3723 TZ Bilthoven, til. 030-2293865 en 06 40181886 (norakoren@hotmail.com)

Foar beide Kritten

Einredaksje Kritekoer	Ida Knobbe-Kramer, Prins Bernhardstraat 24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Administraasje Kritekoer	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til.030-6881921. Giro 37 69 436, o.n.f. Adm. Kritekoer
Toanieladviseur	Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen, til. 0347-377703 (06-28566002)

DE KRITIKOER

Selskip Fryslân te Utert
Selskip "Mei Inoar" te Seist

Jiergong 57 nr. 1
Febrewaris 2012
(sellemoanne)

Ynhâld

- Wat sit der yn 'e koer

Selskip Fryslân

- Fan de foarsitter
- Ferslach nijjiersbesite 6 jannewaris
- Literêre 4-stêdetocht yn jann./febr.2012
- "In mearke út Kûkherne"
- Têatershow Rients Gratama op 3 maart 2012

Selskip "Mei Inoar"

- Fan de foarsitter
- It Rinsemajier yn Museum Drachten
- Harsensgymnastyk
- Oprop fan de ponghâlder
- Jierdagen
- In wykein kreatyf skriuwe op Skylge

Redaksje

- Jan Piet Bergmans
- Ida Knobbe

(AD 24.01.12)

De krookjes binne hiel betiid !



De krookjes hawwe de maaitiid yn 'e holle en rinne op in protte plakken al yn 'e bloei. Dat is ier en betiid yn fergeliking mei de normale earste bloei, fernijing de website natuurskalender.nl. Ut de 'histoaryske bloeiwaarmimmingen' fan H.M.Braaksma fan 1936 oant syn ferstjerren yn 1992 docht bliken dat de krookjes meastal earst yn maart bloeiden. Yn 60 persint fan de jierren wie dat it gefal. Dêrnei kamen febrewaris en april út de bus. Braaksma seach yn al dy jierren mar ienkear in earste bloei yn jannewaris; dat wie op 31 jannewaris 1974.

* * * * *

Krookjes, liderkes, bûtergieltjes is de maaitiid al op kommandeweie? Of miskien doch in alvestêdetocht? Lit ús mar genietsje fan wat der op ús ôfkomt. .

Op in hiel oar flak, mar om sûnder mis fan te genietsjen: twa prachtige toanieljûnen
⇒ op sneon 18 febrewaris yn Seist:
„In poppe om te stellen“ fan it Toanielselskip 'Nij Begjin' - en
⇒ op sneon 25 febrewaris yn De Meern:
“Trest mei sûker en molke” fan 'It Hantumer Ploechje'.

Tige de muoite wurdich, dat fersit dizze jûnen net !

Slutingsdatum ynleverjen kopij: 24 febrewaris 2012

Selskip Fryslân te Utert

- Sneon 25 febrewaris 2012: Toanieljûn, 'It Hantumer Ploechje' spilet 'Treast mei sûker en molke'; seal De Schalm yn De Meern (sjoch middenside)
- Sneon 17 maart 2012: Mienskiplike jûn mei de Drinten, de Grinzers en de Friezen. Operettekoor Polyhymnia út Seist sjongt operette-/opera- en musicalferskes (De Schalm)
- Sneon 24 maart 2012: Mienskiplike jûn mei Seist: de bekende ploech fan Huzum komt nei De Bilt mei de klucht "Grappich Wikseljild".
- Woansdei 9 maaie 2012: Algemiene ledegearkomste (Tolsteeg)

Selskip "Mei Inoar" te Seist

- Sneon 18 febrewaris 2012: Toanielselskip 'Nij Begjin' mei it blijspul: "In poppe om te stellen" - sjoch middenside
- Sneon 24 maart 2012: Mienskiplike jûn mei Utert: de bekende ploech fan Huzum komt nei De Bilt mei de klucht "Grappich Wikseljild".

Frysk Boun om Utens

- 14 april 2012: Algemiene gearkomste yn Hurderwyk

Redaksje-adressen:

Selskip Fryslân: Jan Piet Bergmans
Adres: sjoch lêste side
Email: j.p.bergmans@casema.nl

Selskip "Mei Inoar": Ida Knobbe
Adres: sjoch lêste side
Email: iknobbe@hccnet.nl

Bouns website: www.fryskbutenfryslan.nl

Wy lokwinskje ûndersteande 75+-leden mei harren jierdei !

Frou J.Jellesma, Bilthoven	- 10.02
Frou N.Wielinga, Seist	- 17.02
Frou Y.v.d.Witte, Seist	- 28.02
Dhr. J.v.d.Laan, Odijk	- 02.03
Frou S.Koning, Seist	- 05.03
Frou A.Kooistra, Soesterberg	- 07.03
Frou A.Sterk, Maarn	- 09.03
Frou F.van Dijk, De Bilt	- 12.03
Frou L.Polman, Driebergen	- 17.03
Frou J.v.d.Laan, Odijk	- 25.03
Dhr. W.v.d.Kraats, Driebergen	- 25.03
Dhr. S.Boersma, Odijk	- 25.03
Frou A.Oostra, Seist	- 26.03
Frou J.Preker, Seist	- 27.03
Dhr. M.Roosma, Seist	- 31.03



Folkshegeskoalle Schylgeralân – in prachtige oaze op Skylge mei moaie wenferbliuwen en lekker biologysk iten. Neist it genietsjen fan dûn, bosk, strân, see en waad, kin der dielnommen wurde oan ferskate kursussen, bygelyks: koarwykeinen, kreative beuzichheden, meditaasje, kursussen Frysk, ensfh. ensfh.

Wat te tinken fan: **'Jo ferhaal yn taal – in wykein kreatyf skriuwe** fan 11-13 maaie, o.l.f. de skriuwster Akky van der Veer.

Skriuwe jo wolris foar josels, mar witte jo soms net hoe't it fierder moat? Hawwe jo krekt dat triuwke yn de rêch nedich om te begjinnen? Wa't nocht oan skriuwen hat, is yn dizze workshop te plak.

Der wurde alderhande oefeningen dien dy't de fantasij stimulearje en it kreative proses op gong bringe. Skriuwûnderfining is net perfoarst nedich.

Ynformaasje: Folkshegeskoalle Schylgeralân, till. 0562 – 448954
(www.folkshegeskoalle.nl)

SELSKIP “MEI INOAR”



Fan inkelde leden hat de ponghâlder it ledejild foar it winterskoft 2011/2012 noch net binnen krigen. Dêrom it fersyk om sa gau as mooglik € 15,= (mear mei ek), oer te meitsjen op postrekken 34 86 499 o.n.f. Selskip Mei Inoar.
Yn 't foar tige tank,
Theo Andringa, tel. 030-2203528

Oer in kwiksturt

In mannich fûgels yn 'e hage,
koenen de kjeld mar min ferdrage.
't Wie winter en sa kâld as roet,
en nea wie 't noch sa kâld as hjoed.
In kwiksturt lykwols hie gjin lêst,
en sei: "Ik fiel my tige bêst,
by tolve graden ûnder nul,
fiel ik my noch bêst by 't spul.
Hoe't it kin, 'k sil jim net riede litte,
't is gjin geheim, elts mei 't wol witte.
Want sjoch, al friest it noch sa hurd,
ik ha nea lêst, 'k ha kwik yn 'e sturt".

Doeke Miedema

**Deun by it strân fan it Amelân.....**

Te hier ús fakânsjehûske *Skries* foar 6 persoanen. Wolle jo ek wolris útwaaie, de dykwachters sjen, lekker te fytsen of te poatsjebaaien?
Skilje Harke Hofman 0347-377703 / 0511-421677
of email: t1299334@telfort.nl

SELSKIP FRYSLAN

Fan de foarsitter

Oan it begjin fan it nije jier wol ik dy-jingen mei wa't ik net persoanlik fûstke haw, *folle lok, seine en sûnens* tawinskje. Foaral dat lêste is foar elkenien wichtich. Der binne frijwat minsken siik, guon nochal slim en oaren ferkâlden en hoastjen. Ik winskje jimme alle-gearre betterskip en sterkte!
Hooplik komme jimme wer op ús kritejûn op 25 febrewaris yn De Schalm. Dêr wurdt opfierd it toanielstik "Treast mei sûker en molke". It is in blijspul dat him ôfspilet yn in sikehûsrestaurant. Op 17 maart hawwe wy de mienskiplike jûn mei de Drinten en de Grinzers. It programma wurdt fersoarge troch it Operettekoor Polyhymnia fan Seist. Sy sjonge operette-/ opera- en musical-ferskes. Ek kinne wy op 'e ein noch meisjonge.
Dêrnei hawwe wy noch de mienskiplike jûn mei Seist. Dan spilet "It Huzumer Toaniel" foar ús it stik "Grappich wikseljild".
Koartsein, wy hawwe noch in pear moaie jûnen yn 't foarútsjoch, mei in

soad fertier! Fierderop yn dizze Kritekoer lêze jo dêr mear oer!

Dan wol ik jim noch in aardich foarfal fertelle. Ferline wike helle ik myn bernbern út skoalle. Der steane altyd memmen te praten oer fan alles en noch wat. Mar dit wol ik jim net ûnthâlde. It gong der oer dat der in soad bern lêst hawwe fan luzen. Seit ien mem: "Se reitsje se net sa maklik kwyt mei dat sêfte waar fan hjoed-de-dei." Seit de oare mem: "No, ik haw leaver dat myn bern luzen hat, dan dat ik moarns myn autoruten skraabje moat"!! Ik haw haren allinne mar oansjoen, want ynwindich haw ik freeslik lake. Wat in ferge-liking.
Mar wa wit, wy hawwe wol ris mear yn febrewaris in Alvestêdetocht hân. Dan binne dy luzen miskien ek fuort. We wachtsje it mar ôf.

Mei freonlike groet
fan jimme foarsitter,
Pietie Westdijk-Kaastra

De nijjiersbesite fan krite 'Fryslân'(6-1-2012)

Foarsitter Pietie Westdijk iepenet de jûn en winkske de minsken folle lok, seine en sûnens ta. Se wiist efkes op it skilderij dat op it toaniel stiet: dat is makke troch Boatsje Fopma en in foto hjirfan stie op de nijjierskaart dy't jimme krigen hawwe.
Troch sykte hawwe wat minsken ôfseine en wy hawwe "konkurrinsje" fan de Drintske nijjiersbesite: dy is jûn ek.

De ferstoarne leden binne betocht mei in momint stilte. Dit wienen yn 2011: Trijntje Idzerda-Bergsma (97 jier) en Wietske Riemersma-van der Woude (89 jier).

Doe wie it tiid foar de film "Rolling Home", solotoaniel fan Klaasje Postma. Dizze foarstelling is jierren lyn hiel faak spile yn Fryslân, mar it wie altiten útfer-

kocht. Foar de minsken dy't de foarstelling net bywenje koenen, is der in DVD makke.

De film giet oer it libben fan Klaasje Postma har mem. Klaasje hat in dûbelrol: se is earst de dochter en se fertelt hoe't se yn petear mei har mem it útstel docht dat it ferhaal fan har mem sa bysûnder is dat it de muoite wurdich is om it papier te setten. Mem sil jûn ek komme en moat der hast ek wêze kinne. As se in auto heart ferlit se it toaniel. As se wer opkomt spilet se har mem en hoe!

Ik kin der koart oer wêze: wat in fakmanskop! Ien sêne wol ik efkes neame: op toaniel stiet in skoalboerd mei in stikje stambeam fan de famylje Postma. De âlders en de pakes en beppes fan Klaasje steane hjir op. As dochter wiist se hjir op en omdat har mem noch libbet stiet allinne it bertejier (1914) op it boerd. Sa fertellend skriuwt se achter it bertejier in jiertal derby. Dan stiet der (1914 – 2014).

As de mem yn har ferhaal it ek oer it skoalboerd hat, sjocht se de jiertallen achter har namme stean. Se poetst it

getal '2014' fuort en seit derby: "Dat hoopje wy net".

In nijjiersbesite bringt altiten in bysûndere sfear mei him mei. Dat komt troch it nijjierswinken - de minsken hawwe in protte kontakt mei-elkoar -, ús lid Auke van der Merk soarget foar muzyk, wy hawwe songen, en der is fansels genôch lekkers op sa'n earste jûn yn it nije jier: appelflappen, boffert, boerejonges, advokaat, knabbelguod en grientesop. Hendrik Visbeek hie sjoen dat yn de film de minsken allegear sop krigen en fûn it tige passend om dat de gasten op de nijjiersbesite ek oan te bieden. Dus nei de film alle minsken oan it sop.

Dat wie it beslút fan in tige noflikke nijjiersbesite!

Jan Piet

Harsensgymnastyk

Hjirûnder steane njoggen Hollânske wurden en útdrukkings dy't te krijen hawwe mei *Iten* en *Klean* - mei dêrefter trije Fryske.

Ien útdrukking heart der net by; hokker?

1. bij kleine beetjes drinken

- a pjutskje
- b swolgje
- c sûge

6. opzichtig

- a útwrydsk
- b healsliten
- c nei de trant

2. sterke drank in huis hebben

- a in sneedsje yn 't ear hawwe
- b nei de herberch reizgje
- c wat ûnder de koark hawwe

7. een overhemd

- a in swellesturt
- b in boesgroentsje
- c in baitsje

3. een borrel

- a in swolch
- b in brogje
- c in slokje

8. een knot garen

- a in reaf
- b in kleaune
- c in skroar

4. onvast lopen

- a panderje
- b oer de foet stappe
- c oan 'e slinger gean

9. vol gaten

- a by de gatten om ticht
- b te'n ein
- c pongje

5. zich verkleiden

- a jin ferstrûpe
- b jin ferskjinnje
- c jin opsiere

Oplossing:

e - o - e - q - o - e - q - e - q

Boarne: 'De Stipe', in útjefte fan Afûk



Fopma NatuurAdvies

Fopma NatuurAdvies adviseert haar klanten op het gebied van ecologie, Natuurbeschermingswet 1998 en Flora- en faunawet. Het natuuradviesbureau beschikt over specialistische kennis van deze werkvelden. Wij maken o.a. quick scans voor een omgevingsvergunning voor de verbouw van uw woning.

Fopma NatuurAdvies, Rietdekkersdreef 903, 7328 AR Apeldoorn

tel. 06-26792019 mail: natuuradvies@fopma.eu www.natuuradvies.eu

mers fia De Knipe lâns de Doperske tsjerke troch súdeast Fryslân lâns de âlde feangebieten (de streek fan de sosjalist Ferdinand Domela Nieuwenhuis) nei Drachten. De rûte yn Drachten nei it Museum Drachten gong fia de Papegaaienbuurt. De 16 middenstânswenningen waarden yn opdracht fan arsjitekt Cees de Boer binnen- en bûtenoer skildere yn de "primaire" kleuren yn oerienstimming mei de fisy fan Theo van Doesburg.

De Drachtsters neamden doe de buert de Papegaaienbuurt. Dy kwalifikaasje betsjutte in skelnamme foar dy hûzen. Nei in jier waarden de hûzen oerferve yn mear "gewoane" kleuren. Yn 1988 waarden de oarspronklike "primaire" kleuren wer op de hûzen oanbrocht. De buert behold de namme Papegaaienbuurt, mar dan as "geuzenamme". De ekskurzje einige yn Museum

Drachten, dêr't de Rinsema-eksposysje besocht waard. Dêrmei kaam in ein oan in tige slagge dei.

Jan Koopmans



In Frysk boek keapje by de Krite Seist of Utert? Dat kin!!

Wêr ?

By ús boekeferkeap(st)er oan hûs en op 'e kritejûnen !

Seist: Nora Koren, Purpervlinder 16, 3723 TZ BILTHOVEN
Earst skilje: 030 229 38 65 of 06 40 181 886.

Utert: Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ
UTERT, earst skilje: 030 2010118

Stypje de Krite! Keapje by ús!



Literêre 4-stêdetocht yn jannewaris/febrewaris 2012

Fjouwer sprekkers hawwe de opdracht oannommen om in tal markante aspekten fan de Fryske literatuer út te wurken yn in lêzing en essay. De lêzingen wurde hâlden yn Ljouwert, Snits, It Hearrenfean en Drachten. Se foarmje in literêre 4-stêdetocht, alle kearen yn in bibleteek. Elke lêzing stiet lykwols op himsels; jo hoege as harker de hiele 4-stêdetocht net te folbringen. It leit yn de bedoeling om alle lêzingen te publisearjen yn it aprilnûmer-2012 fan it literêr tydskrift *Ensafh*. De lêzingen binne ornearre foar elk dy't him mei de Fryske literatuer anneks fielt: skriuwers, lêzers, studinten, dosinten, sjoernalisten, resinsinten, útjouwers, afûkkursisten, learlingen, leden fan Fryske krite, simmergasten, wintergasten en wa net al.

De 4 sprekkers en harren ûnderwerp

1. **André Looijenga - Literatuer yn lytse talen**
Skriuwe yn in minderheidstaal - wat betsjut dat?
2. **Greet Andringa - Dien wurk**
Besprek fan de fiif romans fan Koos Tiemersma
3. **Sigrid Kingma - Fryske berneliteratuer**
Untjouwingen en foarútsjoch oan de hân fan de ôfrûne 20 jier
4. **Nyk de Vries - Raffelich realisme?**
Nije streaming fan in jonge generaasje skriuwers

Achtergrûn en oanlieding

De Fryske literatuer is in nijsgjirrich bedriuw dêr't fan alles oer te sizzen falt. Fansels yn it foarste plak oer de literêre

teksten dy't no en yn earder tiid skreaun binne, en dy't ús boeie, ús reitsje en ús libben kleur jouwe. 'Us' sis ik, en dan bedoel ik de mienskip fan minsken dy't wat mei Fryske literatuer hawwe, fan tafallige belangstellende oant en mei yngreven folgers en dielnimmers. Al dy literêre teksten by elkoar kinne jo yn groepen en soarten yndiele, en jo kinne sjen watfoar ûntwikkelingen der west hawwe yn de tiid. En dan is fansels it 'tuskenbeidenplak' fan de Fryske literatuer as literatuer yn in lytse taal ek bysûnder.

Sirkwy - in digitale Fryske literatuerside - is út soarte it stee dêr't de leafhawwers fan Fryske literatuer telâne kinne. De saaklike ynformaasje yn *Sirkwy* wurdt hieltyd omfangriker, it oantal boektitels dat dêrop te finen is rint oer de 200 en ek alle achterlizzende ynformaasje wurdt hieltyd riker. Tresoar hat net de pretinsje dat de site yn koarte tiid folsele wêze sil, salang't der mar in steech en stadich trochgroeien is. De seminars passe goed yn it konsept fan *Sirkwy*. Yn it seizoen 2010/2011 binne yn Tresoar mei grut sukses fjouwer lêzingen hâlden oer de Fryske literatuer fan nei 2000. De rige krige de tapaslke namme *Sirkwy Seminar*. Begjin 2012 wurdt de rige fuortset mei de boppeneamde fjouwer lêzingen, no moai ferspraat oer Fryslân.

De *Literêre 4-stêdetocht* wurdt organisearre troch Bibliotheekservice Fryslân, Taalburo Popkema, Literêr tydskrift *Ensafh* en Tresoar.

(Teake Oppewal en skriuwer fan it stikje, dat as boarne tsjinne hat foar dit artikel).

In mearke út Kûkherne

Yn de tiid doe't de bisten noch prate koenen, wennen der, mei oare dieren, in wolf en in foks yn de Kûkherster bosk.

Hja wienen tige befreone en alle nijtsjes dy't de iene hearde, fertelde er fuort oan de oare. Op in kear wienen se tige drok oan it redenejen.

De wolf frâl stie de bek gjin amerij stil. Hy fertelde grutte dingen en sei op 't lest: "Ik bin fan neat yn de wrâld bang." "No", sei de foks, "ik bin wol net sa bang as in skiep, mar dochs, fan in minske bin ik wol bang." "In minske, wat ding is dat?" wie de fraach. "Kinsto dy net? No, dan sil ik dy sizze", sei de foks, "in minske is in bist dat op twa poaten rint. De foarste poaten komme by him net op 'e grûn, en hy hat suver gjin hier op 'e hûd. Allinne de kop is rûch, by de mantsjes mear as de wyfkes, mar dy ha it meast altyd ek langer. Harren fêl hat lang net altyd deselde kleur en hja binne fansels tige bang om har fel wiet te meitsjen, want as se yn it wetter geane lûke se har it fel of." "Sa'n bist woe ik dochs wol ris sjen", sei de wolf, "en leau my, ik soe it fuortdalik dea meitsje en opfrette." "No, witst wat?" sei de foks, "kom moarn by my, ik moat nei ús muoiketa, dan komme wy by de minskewrâld lâns en dan sil ik dy wol ien sjen litte." De oare deis stieken ús maten of. By Hurdegaryp seagen se in jonkje. "Is dat

in minske?" frege de wolf. "Nee", sei de foks, "dat moat noch ien wurde." Efkes fierder metten se in âld mantsje, dat mei in stok fuortstrompele. "Is dat faaks in minske?" sei de wolf. "Nee", sei de foks, "dy rint ommers op trije poaten, dat hat in minske west." Noch mar krekt wienen hja oer de Rynlânske brêge yn de Swartewei, doe't hja in soldaat metten, dy't mei it gewear oer it skouder krûdich fuortstapte. "Is dat in minske?" frege de wolf. "Ja", sei de foks, "dat is ien. Witst wat? Pak do him mar, dan sjoch ik yntiid even op Toutenboarch." De wolf fleach op de soldaat yn, dy luts syn sabel en joech de wolf goed op syn baitsje en doe't de wolf fuortstode skeat er him ek noch ris efternei.

Doe't de freonen wer byinoar wienen sei de foks: "Hoe is it dy ôfgien, hast him al bepluze?" "Praat my der net fan", sei de wolf, "sokke bisten binne net te ferdylgjen. Tink ris oan! Earst skuorde hy himsels in ribbe út 'e side en joech my der in wantsje mei, en doe't ik op 't lest útnaaide, spuide hy my noch fjurrige rachels nei, sadat myn earen toeten en it my grien en blau foar de eagen waard. De hûd priekelt my noch, krekt as hienen se my mei piper ynweaun. Do hiest wol gelyk: tsjin sokke bisten kinne wy net opkomme."

Johannes Oegema

*) Toanielselskip Nij Begjin waard oprjochte yn 1918 as "Winterjûnenocht". Troch de jierren hinne rûn it fansels net altyd glêd fan 'e tried: de twadde wrâldkriich, it opkommen fan de tv, krapte oan spilers, ensfh. ensfh. Mar it toanielselskip liet it der net by sitte en it momint kaam wer dat Nij Begjin groeide; ien toanieljûn waard twa jûnen en twa fjouwer. Foarstellings mei film, op lokaasje, bûtendoar, ernst, koartswyl, fan alles doarde se oan mei as útgongspunt safolle mooglik yn eigen behear (klaaiing, dekor ljocht/lûd) mar wol advizen fan guon minsken dy't it witte kinne, mar foar in goed tafersjoch altyd in eigen produksje.

IT RINSEMAJIER YN MUSEUM DR8888

Yn it ramt fan it Rinsemajier (2011) is yn it Museum Drachten fan 29/10/2011 oant 18/03/2012 in tentoanstelling wijd oan de bruorren Rinsema, t.w. Thijs (1877 - 1947) en Evert (1880 - 1958). Se wienen destiids skuonmakker fan berop en faklju. Dochsjoech dit wurk harren beide net genôch tefredenens. Sadwaande begûn Thijs mei skilderjen, wylst Evert begûn te skriuwen. Hy sette syn oertinkingen (troch him folsinnen neamd) oer it "wiere libben" op skrift. Dy oertinkingen waarden ûnder de namme "tinkbylden" (Denkbeelden) publisearre.

Thijs is bekend wurden as skilder fan (self)portretten (ek fan famyljeleden en buorren), stillibbens en abstrakte skilderijen fan bgl. dûnsers, skermers en fuotballers, figueren yn beweging. Thijs joech neat om fuotbal as wedstriid. Hy gong nei it fuotbaljild om te genietsjen fan de beweging yn it spul. Yn syn skilderijen is de ynfloed fan Theo van Doesburg te sjen. Van Doesburg, in ferneamd keunstskilder en arsjitekt, stie op syn beurt ûnder ynfloed fan Mondriaan, in Nederlânsk skilder,

benammen bekend om syn komposysjes mei kleuren, horizontale en fertikale linen, Thijs hie syn atelier in totaal oar oansjen jûn. It waard in stylkeamer, skildere yn de "primaire" kleuren (read, giel, grien en blau). Hy hat ek ûntwerpen foar meubilêr makke.

It Museum Drachten (foartiids in kleaster) en it Museum Belvédère yn Oranjewâld hawwe tegearre in oantal ekskurzjedagen organisearre. Mei in saneamde "vintage bus"- de Rinsema Express - koenen de dielnimmers beide museums besykje. Dizze bus hat tsjinst dien as Postbus yn Graubünden (Switserlân). Under de feardige hannen fan in gesellige froulike sjauffeur waarden de dielnimmers fan treinstasjon It Hearrenfean nei it earste pleisterplak Museum Belvédère brocht. Dit gebou - strak fan foarm - leit yn in histoarysk lânskip. It toant hjoeddeiske en moderne keunst út Fryslân, û.o. fan Jan Mankes, in lânskipskilder (1889-1920). Hy wie trouw mei Annie Zernike (1887-1992), de earste froulike foargonger fan de pleatslike Doperske tsjerke yn De Knipe.

Nei it besyk oan Museum Belvédère brocht de Rinsema Express de dielnim-

**Sterk in traditie,
vooraan in vernieuwing**

Tap



Uitvaartzorg

Bel: (030) 228 37 41

24 uur per dag bereikbaar,
ook in het weekend.

Soestdijkseweg-Zuid 265
3721 AE Bilthoven
www.tap-uitvaart.nl

Hoog Kanje 1
3708 DH Zeist
www.tap-uitvaart-zeist.nl

info@tap-uitvaart.nl

Erkend lid van de B.G.N.U.

SELSKIP “MEI INOAR”

Oprjochte op 20 desimber 1928.

It ferieningsjier rint fan 01-09 oant en mei 31-08. Opsizzing foar 01-09.

Kosten lidmaatskip: € 15,= de man; foar bankgegevens: sjoch lêste side.

Fan de foarsitter

It nije jier 2012 is alwer in moanne âld. Dochs foar elkenien en foar jimme sibben en freonen nochris *Folle lok en Seine yn 2012*.

Yn it ôfrûne jier hawwe wy fertrietlike dingen meimakke troch ferstjerren fan leden of yn 'e famylje of troch sykte en dat haw ik dit jier ek sels meimakke.

Us lid Annie Kooistra hat wer in oerhaal hân en wurdt fersoarge yn Het Zonnehuis, Bergweg 2, 3941 RB Doorn. Dan hat ús lid Pieta Deutekom in nije hertklep krigen en is gelokkich wer thús. Op de nijjiersjûn hawwe wy harren en ek ús earefoarsitter Joost Nauta in kaart skreaun. Wy winskje harren betterskip.

Mar ast dan wer sûn bist, sjochst lokkich ek wer de moaie dingen. Dêrby tink ik oan it útkommen fan it boek “Friezen yn ‘e Frjemdte” - ek te keap by ús boekeferkeaper Nora. Dit boek is ta stân kommen û.o. om de skiednis fan de krite in kaart te bringen. Ferskate krite besteane net mear, en om har skiednis te bewarjen, is dit boek ûntstien. It is wier in prachtich neislachwurk.

Wy libje hjoed de dei yn in nije tiid; it digitale tiidperk sa as it hjit. Alles kin of moat fia de kompjûter, c.q. ynternet. Sjoch ris op de webside fan “Fryskbutenfryslan.nl”.

Dêr fine jo alle aktiviteiten fan it Boun en fan de krite.

Nettsjinsteande it gemak fan kompjûters en ynternet moatte der noch wol saken dien wurde troch bestjoersleden. De ponge moat byhâlden wurde; toaniel, kabaret of oare saken moatte regelle wurde; de kritekoer moat typt, kopiearre en ferstjoerd wurde; de sealen moatte reemakke wurde – ensfh. ensfh. En foar dit soarte fan dingen hawwe wy minsken nedich, minsken dy't de hannen efkes útstekke wolle. Neist de ad-hoc help fan ferskate leden, wolle wy o sa graach noch twa bestjoersleden derby. *Mei-inoar is it samar dien !*

Op de algemiene gearkomste fan 23 septimber foarich jier hawwe ús eareleden, Hanne en Meinte Roosma oanjûn op te hâlden mei it besykjen fan âldere en sike leden. Us krite hat leden op 23 plakken en dêr hawwe Hanne en Meinte grif alle gearre west. Fan dit plak ôf nochris tige tank foar dit sosjale wurk.

Wat it twadde diel fan ús winterskoft oanbelanget: op sneon 18 febrewaris komt de toanielgroep Nij Begjin *) nei Seist mei it fleurige stik “In poppe om te stellen”. Op sneon 24 maart hawwe wy ús mienskiplike jûn mei Utert. Op dy jûn komt de bekende ploech fan Huzum nei De Bilt mei de kostlike klucht “Grappich Wikseljild”. Mear ynformaasje folget.

Hertlike groetnisse,
Boukje Andringa-Brattinga

SELSKIP FRYSLAN**Rients Gratama is op 24 jannewaris 80 jier wurden.**

Ta gelegenheid hjirfan komt Rients mei in nije teatershow mei de tapaslike titel: “Geraniums of Gladioalen”. Nije en âlde ferhalen en lieten - en de âlde highlights krije wer in nije glâns troch de gearwurking mei Clara Rullmann en Peter van der Zwaag. Twa ferneamde muzikanten dy't yn meitsjen en dwaan mei Rients in folslein nij ensemble foarmje.

It Frysk Selskip Swol is der bêst in bytsje grutsk op dat Rients mei syn nije teatershow by harren yn Swol komt !
Op **sneon 3 maart 2012, de jûns om acht oere**, steane Rients, Clara en Peter mei “**Geraniums of Gladioalen**” yn de prachtige skouboarch ‘Odeon’ oan de Blijmarkt 25 yn Swol op ‘e planken.

Leden fan Fryske krite bûten Fryslân betelje € 15,= .

En it kin foar noch minder!!! As in kritebestjoer **kollektyf** kaarten bestelt, dan kostet in kaart mar **€ 12,50**.
Opjaan / Ynformaasje by Boukje Andringa-Brattinga, til. 030-22 03528.

*N.B.: Wa hat him op ‘e nijjiersjûn yn Seist opjûn foar 2 kaarten ???
Graach in telefoantsje nei Boukje.*

Rients Gratama mei ‘Geraniums of Gladioalen’;
3 maart, 20.00 oere, Skouboarch ‘Odeon’ Swol,

**Koarte ynhâld fan it stik
“Treast mei sûker en molke”
- sjoch middenside**

It stik spilet yn in sikehûsrestaurant, it plak dêr't de bûten- en sikehûs-wrâld byinoar komme. De spilers hearre dan ek of yn de iene of yn de oare wrâld thús. Der is in útsondering foar Anneke, de barhâldster, omdat sy eins wol by it sikehûs heart en dochs gjin pasjint is. Sy en har man Frâns ha in 14-jierrige soan dy't by in jeugdbinde sit, dy't gere-

geldwei de buert tirannisearret. Anneke heart fan alle kanten dat it gjin wûnder is dat bern ôfglide nei de kriminaliteit as beide âlders sa noadich wurkje wolle. Fansels wurdt úteinlik bekend dat har soan by de binde sit en ynstee fan dat sy hieltyd pasjinten treast jout mei goede wurden en kofje, helpe dy har en har man. Mei help fan in aardich freondintsje liket harren soan fan gedachten te feroarjen.

Soe it goed komme ?



SELSKIP FRYSLAN TE UTERT

It bestjoer noeget jimme út foar de toanieljûn

“*Treast mei sûker en molke*”

troch ‘It Hantumer Ploechje’ út Hantum

(blijspul yn 3 bedriuwen fan Froukje Annema)

It stik spilet yn in sikehûsrestaurant (foar mear ynformaasje sjoch side 7)

Rolferdieling:

Restauranthâldster Anneke	- Karen Hogenhorst
Taksysjauffeur Frâns, man fan Anneke	- Taeke Sijens
Thomas, soan fan Anneke en Frâns	- Ybo Boomsma
Pasjint Sytske	- Anna-Riet Vrieswijk
Haadsuster Ida	- Janke Bandsma
Taksysjauffeur Bouwe	- Mient Hof
Pasjint Sjoke	- Anja Dijkstra
Taksysjauffeur Wilco	- Jelke Lei

Oare rollen:

Lienke Feenstra, Sally Jansma, Jitze Grijpstra, Botte Hijma

Rezjy - Lucas de Blécourt

Smynk - Klaske Miedema

Dekor - Taeke Sijens, Gosse van de Woude, Meint Dijkstra

Datum: SNEON 25 febrewaris 2012
Plak: Seal De Schalm, Oranjelaan 10, De Meern
Hoe let: 20.00 oere (doarren iepen om 19.15 oere)
Yntree: € 7,50 foar leden en € 10,00 foar net-leden
Plakbesprek: Foar dy't min hearre of sjen kinne: by de foarsitter (till. 030 - 2318 224 oant **FREED** 22.00 oere)

**** BOEKEN ** FERLOTING ****

SELSKIP “MEI INOAR” TE SEIST



It bestjoer noeget jimme út foar in noflike jûn mei

Toanielselskip ‘Nij Begjin’, mei it blijspul

“*In poppe om te stellen*”

Skriuwer: Bernd Gombold; Fryske oersetting: Gurbe Dijkstra

De frou fan de boargemaster fan in lytse gemeente yn Fryslân komt, nei't se in pear wiken yn in kueroarde west hat, wer thús. Op it stasjon nimt se de ferkearde tas mei en yn dy tas blykt in poppe te lizzen. Amper hat se de sitewaasje oan har man útlein, of de plysje stiet al foar de doar, om te sizzen dat der in poppe stellen is. As de boargemaster útlizze wol dat dat in fersin is, wol de plysje dêr net oan. "Samar in poppe meinimme, dat bestiet net. Dêr moat wol in misdiedich brein achter sitte". Bang foar syn baan, doart de boargemaster fierder neat te sizzen, mar no sitte hy en de frou wol mei in poppe opskipe, dêr't troch elkenien om socht wurdt. En besykje dat mar ris geheim te hâlden, of better sein út te lizzen oan de minsken dy't regelmjittich by jo oer de flier komme.



Titus (boargemaster)- Auke Ybema;

Els (frou fan de boargemaster)

- Renneke Meester;

Mem - Jeltsje de Boer;

Afke (sekretaresse fan Titus)

- Margriet v/d Molen;

Berend (gemeente arbeider)

- Gooitzen van der Lei;

Koert (swalker) - Anno Pot;

Bos (haad fan de plysje)

- Johan Flokstra;

Sien - Durkje van der Heide

Regisseur: Remco Klop;

Rezjy-assistinte: Ankje de Boer;

Ynstekster: Ankje de Boer

Omballingen:

Jardy Kuiper, Lutske de Haan

Dekorbou en ûntwerp:

Hein Westerhof, Jetse Kleiterp,

Remco Klop

Lûd en ljocht:

Thomas Bijlsma, Hieke v/d Wal

Datum: SNEON 18 febrewaris 2012
Plak: Noorderlichttsjerke, Bergweg 92B, 3707 AE Seist
Hoe let: 20.00 oere (doarren iepen om 19.30 oere)
Yntree: € 8,00 foar leden en € 10,00 foar net-leden

*** BOEKETAFEL * FERLOTING * ORANJEKOEKE ***